


-
- Ûnderwerp** : Omjouwingsfisy provinsje Fryslân 'de Romte diele'
Beliedsprogramma :
Registraasjenûmer : 01765685
- Portefúljehâlder** : rekket alle portefúljes, koördinearjend dep. frou Fokkens – Kelder
- Behanneljend
amtner** : 
- Oanlieding** : Op grûn fan de Omgevingswet moat de provinsje op it stuit dat dy wet yngiet oer in Omjouwingsfisy beskikke. Op 25 septimber 2019 is troch Provinsjale Steaten de ûntwerp Omjouwingsfisy fêststeld. Dat ûntwerp hat fan 4 novimber oant 16 desimber 2019 foar ynspraak op besjen lein. De ynspraakreaksjes binne gearfette en fan in reaksje foarsjoen. Dy reaksjes en aktuele ûntwikkelingen jouwe oanlieding om wizigings yn de ûntwerp-fisy út te stellen. Alhoewol't it fan krêft wurden fan dy wet yn april II. op 'en nij útsteld is, wurdt de oanpaste Omjouwingsfisy no foar definitive fêststelling foarlein.
- Europeeske
kontekst** : n.f.t.

Koarte gearfetting : De Omjouwingsfisy is ien fan de nije ynstruminten út de Omjouwingswet. De fisy omfiemet it provinsjale yntegrale belied foar it fysike libbensfermidden op in heech abstraksjenivo, foar de lange termyn. It is gjin blaudruk foar hoe't Fryslân der oer 20 oant 30 jier by leit. Der stiet yn wêr't wy mei Fryslân hinne wolle: de ambysje en doelen foar de takomst. Dêrby is noch net krekt oanjûn hoe't wy dat dwaan sille. Dy útwurking sille wy yn meardere, koartrinnende Omjouwingsprogramma's opnimme. De fisy ferfangt strategysk belied út it Streekplan, Miljeubeliedsplan, Wetterhûshâldingsplan en it Ferkear- en ferfierplan. Boppedat is de provinsjale Natuerfisy, dy't sûnt de Wet natuurbescherming (2017) ferplichte is, deryn ferwurke.

Yn de ynspraakperioade binne op de ûntwerp Omjouwingsfisy sirka 70 sjenswizen (reaksjes) troch gemeenten, Wetterskip, maatskiplike organisaasjes en inkelde boargers yntsjinne. In soad reaksjes, benammen ek fan gemeenten, geane oer wynmûnen. De beslútfoarming oer wynenerzjy sil yn it ramt fan de oanpassing fan de feroardering Romte syn beslach krije en yn de Omjouwingsfisy oernommen wurde. Foarearst stelle wy út om yn de Omjouwingsfisy it belied foar wynenerzjy neffens it Bestjoersakkoart 2019-2023 oan te hâlden. De útstelde wizigings yn de Reactionota binne ferdúdlikings en oanfollingen en gjin beliedswizigings útgeande fan it ûntwerp. Útsûnderings dêrop binne paragraaf 7.2 Feangreidegebiet en 7.4 Waadgebiet, dy't oanpast binne oan respektivelik de útkomsten fan de yn 2019 útfierde Maatskiplike Kosten Baten Analyze (MKBA) en de Agenda voor het Waddengebiet (Gebiedsagenda Wadden 2050) dy't yn tarieding is.

Beslútpunten : • de oanpaste Omjouwingsfisy provinsje Fryslân De Romte diele fêst te stellen;
• de Plan-MER ynklusyf Aanvulling fêst te stellen.
• yn te stimmen mei de ôfspraak dat DS nij belied yn in Omjouwingsprogramme allinne fêststelle as Provinsjale Steaten dêr fan tefoaren mei vnstimd hawwe

Taheakke : • de (oanpaste) Omjouwingsfisy;
• de Reactionota (foar kundskip);
• de Plan-MER ynkl. Aanvulling n.o.f. it advys fan de Commissie MER;
• it advys fan de Commissie MER (foar kundskip)
• it advys fan de Provinciale Commissie Landelijk Gebied (PCLG).

Taljochting

: Foarskiednis

De Omjouwingsfisy wurdt foar definitive beslútfoarming foarlein en ken in lang foartrajekt. Yn maart 2016 keazen jimme Steaten mei de startnotysje foar in iepen planproses. Yn de faze oant de fêststelling fan it Koersdokumint is yn de Fryske Oanpak (DFA) gearwurke en binne op fiif tema's yn brede, foar elk tagonklike gearkomsten, boustiennen opsteld.

De boustiennen binne te finen op <http://omgevingslab.frl/resultaten-labs>. Dy boustiennen binne net fêststeld, mar wol brûkt op it Koersdokumint op te stellen. Provinsjale Steaten hawwe it Koersdokumint op 28 septimber 2018 behannele, mar net fêststeld. Der binne wol moasjes oannommen, dêr't rjochting mei oan de útwurking jûn is. Mei it Koersdokumint is de faze fan it iepen planproses ôfsletten en is de ûntwerp Omjouwingsfisy opsteld.

Yn septimber 2019 hawwe jimme Steaten it ûntwerp fêststeld. Dêrby binne troch amendeminten teksten út it nije Bestjoersakkoart yn it ûntwerp oernommen. De ûntwerp Omjouwingsfisy hat fan 4 novimber oant 16 desimber foar ynspraak op besjen lein. Relatyf in soad reaksjes geane oer it abstraksjenivo fan de fisy, de relaasje tusken ambysje, basis op oarder en opjeften, duorsume lânbou, wentebou, gastfrijheids-ekonomy, lânskip en erfgoed, enerzjytransysje, de posysje fan kearnen en regio's, ekonomy/MKB, Lelyline, sûnens, transysje beboud gebiet, bioferskaat, klimaatadaptaasje en útfiering. In algemiene konstataarring is dat oan 'e iene kant pleite wurdt foar konkretisearring en mear dúdlikens, en oan 'e oare kant foar mear romte foar eigen ôfwaging en lokaal maatwurk.

De ynspraak reaksjes binne gearfette en fan in reaksje foarsjoen. Wêr't in wiziging útsteld wurdt, is dy yn de Reaksjenota griis arsearre. Dy reaksjes en aktuele ûntwikkelingen jouwe oanlieding om wizigings yn de ûntwerp fisy út te stellen. Dy wizigingsútstellen binne mei reade letters yn de Omjouwingsfisy opnommen. De oanpaste Omjouwingsfisy wurdt no foar fêststellen foarlein.

Libbensfermiddentoets:

Oan de ûntwerp-Omjouwingsfisy is in libbensfermiddentoets (ferbrede m.e.r.) tafoege. Neist de miljeu-effekten fan de fisy wurde dêryn ek sosjale en ekonomyske effekten yn byld brocht. Nei it fêststellen fan it ûntwerp troch jimme Steaten is de ynhâld fan de plan-MER oan dy beslútfoarming oanpast en is advys fan de Commissie MER frege. De Commissie MER advisearret om de plan-MER op inkelde punten te ferdjipjen en konkreter te wurden.

Dy ferdjipping hat yn in Aanvulling op de plan-MER syn beslach krige. It abstraksjenivo fan de measte útspraken yn de Omjouwingsfisy is lykwols net oanpast.

Dat betsjut dat de effektbeoordieling en de passende beoordieling foar de Natura2000 gebieten op ûnderdielen minder konkreet binne as de Commissie MER foar eagen hat. Dy beoordieling sil konkreter wurde by útwurking fan de fisy yn de programma's n by aksjes en projekten, dêr't, as dat nedich, is in nije MER foar opsteld wurde sil.

Kontekst

: Omjouwingsfisy ynstrumint fan de Omjouwingswet
De Omjouwingsfisy is it startpunt fan in nije manier fan wurkjen op grûn fan de nije Omjouwingswet. Dat bart op grûn fan in gearhingjende oanpak, wêryn't de provinsje yn 'e mande mei oare oerheden en oanbelangjende partners oan de kwaliteit fan ús libbensfermidden wurket. De Omjouwingsfisy sketst dan ek net in einbyld, mar jout wol dúdlik rjochting oan aksjes en oan de ynset fan maatregels en middels op grûn fan ambysjes, doelen en opjeften. Dêr binnen wurdt mei prinsipen wurke en is der romte om mei alderlei partijen it gebiet ta optimale, yntegrale maatwurkoplossings te kommen. Dat kin betsjutte dat nije ûntwikkelingen en ynsichten liede ta oanpassing fan ûnderdielen fan de Omjouwingsfisy. De provinsjale Omjouwingsfisy hat net in fêstleine jildichheidstiid. Wy hâlde de fisy aktueel troch dy alle jierren of ienris yn 'e twa jier tsjin it ljocht te hâlden en as dat nedich is oan te passen.

Útstel fan it fan krêft wurden Omgevingswet

Begjin april 2020 is yn oerlis tusken oerheden besletten om it fan krêft wurden fan de Omgevingswet út te stellen.

Wichtichste reden foar it útstel is de ûnwissens oft op 1 jannewaris 2021 in wurkjene en stabyl digitaal stelsel (DSO) klear wêze kin, dêr't de Omjouwings-feroardering digitaal mei publisearre wurde kin. Dat mei yn kombinaasje mei de koroanakrisis.

Foar it fêststellen fan de Omjouwingsfisy hat dat gjin direkte gefolgen. De Omjouwingsfisy kin, foarútrinnend op it fan krêft wurden fan de wet, fêststeld wurde. It oergongsrjocht by de Omjouwingswet foarsjocht dêryn. Juridyske trochwurking fan de Omjouwingsfisy rint fia regeljouwing yn de Omjouwingsferoardering. Dy feroardering kin lykwols earst by ynfiering fan de wet fan krêft wurde. Útstel fan ynfiering fan de wet betsjut dan ek dat de juridyske trochwurking fan de provinsjale belangen út de Omjouwingsfisy earst letter trochfierd wurde kin.

Nei't ferwachte wurdt sil dat gjin grutte problemen opleverje. De besteande regels yn de ferskate feroarderings foar it fysike libbensfermidden, lykas bygelyks yn de Feroardering Romte, biede ek al genôch garânsje foar trochwurking fan it belied út de Omjouwingsfisy. De oanpassing fan de Feroardering Romte foar wynenerzjy oan it bestjoersakkoart is yn tarieding. Oars kin ek noch it ynstrumint fan de reaktive oanwizing (en beswier en berop) tsjin net-winske ûntwikkelingen ynset wurde. Op grûn fan jurisprudinsje mei by it tapassen dêrfan rekken hâlden wurde mei nij provinsjaal belied dat yn in beliedsdokumint dellein en fêststeld is.

Salang't de Omjouwingsferoarding net fan krêft wurdt, bliuwe de besteande feroarderings foar it fysike libbensfermidden (lykas: romte, wetter, miljeu, natuer, wegen en farwegen), gewoan jildich.

Probleemstelling

: It provinsjaal belied is ferwurde yn fjouwer strategyske plannen, dy't op grûn fan sektorale wetjouwing opsteld binne en mei yn dy wetten fêstleine (ûnderskate) jildichheidstiden, wêrop't se op 'en nij besjoen wurde moatte: it Streekplan, Miljeubeliedsplan, Wetterhúshâldings-plan en Ferkear- en ferfierplan.

Yn de Omjouwingswet wurde alle 26 wetten foar it fysike libbensfermidden gearfoege en wurdt ynset op yntegraal belied foar de lange termyn op grûn fan in Omjouwingsfisy. De provinsje is wetlik ferplichte in Omjouwingsfisy fêst te stellen.

Probleemanalyze

: Der dogge him hieltyd flugger efterinoar oan en mei skokken feroarings foar, dy't de mienskip yngripend feroarje kinne. Fan guon ûntwikkelingen is de útkomst noch net wis en trends út it ferline kinne net altyd nei de takomst trochlutsen wurde. In tal ûntwikkelingen lykas klimaatadaptaasje en enerzjytransysje sille grutte gefolgen yn it libbensfermidden hawwe. It lytser wurden fan bioferskaat jout soargen en in soad bebouwing foldocht net mear oan it ferlet fan brûkers en is net enerzjysunich. Dêrneist feroaret de maatskippij: bewenners, organisaasjes en bedriuwen nimme faker sels it inisjatyf om harren libbensfermidden te ferbetterjen. Der ûntsteane nije foarmen fan gearwurking en netwurken en gemeenten wurde grutter en krije mear taken.

Dêrom is der nij belied foar it fysike libbensfermidden nedich, wêrby't safolle mooglik romte foar ûntwikkelingen en lokaal maatwurk is. Omgean mei ûnwissichheden en ûnfoarsisberens freget om fleksibiliteit yn belied, programma's en plannen.

De nije Omjouwingswet wol dêrop ynspylje: romte foar inisjativen en maatwurk, gebietersjochte wurkje mei partijen, fluggere prosedueren en fleksibiliteit om op feroarings yn te spyljen. Dy wet ferplichtet de provinsje om yn har Omjouwingsfisy yn haadlinen oan te jaan hokker ramten steld wurde en hokker rollen en taken wy yn ferhâlding ta oaren op ús nimme.

**Doelstelling / beëage
effekten:**

: De Fryske romte is tsjinstber oan alderlei foarmen fan gebrûk én se hat selsstannige kwaliteiten. Brede wolfeart, in sterke ekonomy en optimale berikberens binne de basis foar in fitale en leefbere regio. Ekonomyske fitaliteit soarget foar middels om yn omjouingskwaliteiten te ynvestearjen. Troch de Fryske ekonomy griener en hieltyd mear sirkulêr te meitsjen, kinne wy ekonomyske foarspoed en groei fan de wurkgelegenheid keppelje oan in natuerlik libbensfermidden mei in soad kwaliteiten. Dêrby past in iepen, nijsgjirrige hâlding mei eksperimintearromte: Fryslân as living lab, dêr't nije ideeën yn de praktyk yn tapast en probearre wurde.

Risiko's

: • *De koroanakrisis:*
Mooglik wurde ûnderdielen fan de fisy troch de koroanakrisis beynfloede.
By it opstellen fan de Omjouingsfisy en it ferwurkjen fan de ynspraakreaksjes wie de koroanakrisis net oan de oarder. Op it stuit dat wy jimme dit steateútstel tastjoere, is dy krisis yn folle gong en binne de gefolgen dêrfan ek noch net oer te sjen. Wol is dúdlik dat der grutte, benammen ek ekonomyske, gefolgen wêze sille.

Ús haadambysje foar Fryslân is brede wolfeart. Dêr wolle wy ús oanhâldend foar ynsette. De ambysje en doelen yn dizze Omjouingsfisy binne dêr ek op basearre. Wy sjogge op it stuit gjin needsaak om ús ambysje en doelen by te stellen. Wat mooglik wol feroarje sil, is de manier wêrop't wy dy doelen, mei ús partners, berikke kinne sille. Beskikbere middels sille mooglik oars ynset wurde moatte en de manier wêrop't en it tiidrek wêryn't wy de doelen realisearje wolle sille dêrtroch feroarje.

Oan 'e oare kant is de Omjouingsfisy in dynamysk dokumint, dat periodyk oanpast wurde kin en gjin plan dêr't ûntwikkelingen oan it plak bûn yn fêstlein wurde. Mei de Omjouingsfisy wurdt op doelen stjoerd en wurde karren makke mei help fan prinsipen dy't fan plak ta plak ta maatwurk liede. Yn dy sin biedt de Omjouingsfisy benammen in rjochting. Dêryn kinne noch in soad ôfwagings makke wurde as der har ûntwikkelingen foardogge dy't net foarsjoen binne, lykas in sterkere ûntwikkeling fan de yndustriële fabryksproduksje.

• *DS stelle Omjouingsprogramma's fêst mei dêryn belied*
De nije Omgevingswet kent neist de ynstruminten Omjouingsfisy en Omjouingsferoarderding ek Omjouingsprogramma's en -plannen. Yn koarter rinnende programma's wurdt de Omjouingsfisy yn konkrete maatregels útwurke, ynklusyf de finansiering. Der is net in hurde skieding tusken fisy en programma, ek wetlik net. De Omjouingsfisy hat op ûnderdielen in frij heech abstraksjenivo. Yn programma's sil, binnen de ramten fan de

fisy en yn gearwurking mei partners, foar dy ûnderdielen noch in beliedsmjittige útwurking komme. Programma's binne yn dat gefal net inkeld 'útfiering'.

Op grûn fan de Omgevingswet hat DS lykwols it foech om Omjouwingsprogramma's fêst te stellen. Dat soe derta liede kinne dat DS in Omjouwingsprogramma fêststelt, dêr't nij belied yn sit, dêr't PS noch net mei ynstimd hat. Dat risiko is foar te kommen troch de ôfspraak te meitsjen dat DS earst nij belied yn in Omjouwingsprogramma fêststelle kin as Provinsjale Steaten dêr fan tefoaren mei ynstimd hawwe, bygelyks fia beliedsnota's en beliedsbrieven.

Probleemoplossing

: Betsjutting fan de Omjouwingsfisy

- *Rjochting oan karren jaan*

Mei de Omjouwingsfisy sil yn de kommende jierren rjochting oan de provinsjale aktiviteiten jûn wurde: wêr wolle wy mei Fryslân hinne (de ambysje H 3) en hoe geane wy oan 'e slach om de ambysje wier te meitsjen. Foarútsjen is dreech. De Omjouwingsfisy is net in blaudruk foar hoe't Fryslân der oer tsien, tweintich of tritich jier by leit, mar helpt wol om rjochting te jaan, en te stjoeren op karren, dy't foar de kwaliteit fan it libbensfermidden makke wurde moatte

As helpmiddel hawwe wy dêr prinsipen foar beneamd dy't rjochting jouwe by karren (H 4). Mei dy prinsipen stjoere wy yntegraal op doelen en sa min mooglik mei regels. Dy prinsipen wurde altyd yn gearhing tapast. Se kinne yn ûnderskate situaasjes ta ûnderskate oplossingen liede en sa fan plak ta plak maatwurk biede. Prinsipen binne fleksibel genôch foar maatwurk it gefal, mar net frijbljuwend. It binne kritearia dy't wy sels tapasse, mar wêrfan't wy ek oan oare partijen freegje om se ta te passen. Ynhâldlike prinsipen hawwe te krijen mei de ynrjochting fan ús libbensfermidden, en gearwurkingsprinsipen mei ús manier fan wurkjen; ús rollen en taken yn ferhâlding ta oaren. Wy sykje nei it lykwicht tusken sels dwaan (regulearje en regisseurje) en de romte oan oaren jaan om rollen en taken op harren te nimmen.

- *Algemiën ramt foar útwurking yn programma's*

De Omjouwingsfisy is it boppelizzende ramt dêr't útwurking fan programma's en plannen syn beslach yn krije kin; der hoecht gjin dûbeld wurk dien te wurden. De Omjouwingsfisy is in dynamysk dokumint en hat net in fêste rintiid. As it nedich is, bygelyks troch nije ûntwikkelingen of op basis fan (beliedsmjittige) útwurking fan programma's, dan kin de fisy alle jierren of ien kear yn 'e twa jier by de tiid brocht wurde. Op dy manier hâlde wy de fisy hieltyd aktueel. Ek de bredere kontekst dêr't de Omjouwingsfisy yn opsteld is, beweecht

noch en kin beynfloede wurde troch û.o. de NOVI en it klimaataakkoart.

- *In fehikel om prosessen te organisearjen.*

De Omjouwingsfisy sil by it útwurkjen fan programma's foar de opjeften en gebieten in fehikel wêze foar it organisearjen fan gearwurking en yntegrale ôfstimming mei gemeenten, wetterskip en oare partners. Dy gearwurking kin in nije ympuls krije yn in fernijde foarm fan De Fryske Oanpak, dêr't wy goede ûnderfinings mei opdien hawwe, en nije gearwurkingsfoarmen lykas bestjoerstafels kinne ûntstean.

Foarkaroplossing/ Yntegrale ôfwaging

: Mei it fêststellen fan de Omjouwingsfisy wurdt keazen foar in yntegrale oanpak fan it fysike libbensfermidden op grûn fan de haadambysje brede wolfeart en útwurking fan konkrete doelen yn yntegrale opjeften foar it fysike libbensfermidden.

Útfiering

: De Omjouwingsfisy is it boppelizzende ramt foar programma's en plannen foar de koartere termyn dy't yn gearwurking mei ús partners opsteld wurde sille; by foarkar yn in fernijde foarm fan gearwurking yn De Fryske Oanpak. De útfiering kin yn de Omjouwingsprogramma's, dy't ek fan finansjele middels foarsjoen wurde sille, konkreet makke wurde.

Monitoaring/evaluaasje

: De monitoaring fan de Omjouwingsfisy sille wy yn gearhing mei it opstellen fan Omjouwingsprogramma's útwurkje. Wêr't dat mooglik is, sil dêrby ek by de monitoaring fan Brede wolfeart, sa't wy dy op it stuit yn gearwurking mei it CBS en it Fries Sociaal Planbureau ûntwikkelje, oansletten wurden. Oan de (doelen fan de) Omjouwingsprogramma's keppelje wy yndikatoaren om de resultaten yn byld te bringen. Soms kinne mjitgegevens fan partners brûkt wurde. Wy sykje hieltyd nei de meast effisjinte foarmen fan monitoaring. Doel is om Provinsjale Steaten en oare oanbelangjende partijen op effisjinte wize ynsjoch yn de resultaten, dy't gearhingje mei de útfiering fan de Omjouwingsfisy, te jaan. Op grûn fan de monitoaringsgegevens kinne DS en PS útstellen foar Omjouwingsprogramma's dwaan of foar it oanpassen fan de provinsjale Omjouwingsfisy sels.

De Commissie MER wiist ek op it belang fan monitoaring by it útwurkjen yn programma's, op basis fan heldere doelen en it foarôf kenber meitsjen oan de hân fan hokker beoardielingskritearia der hifke wurdt,. Yn de Aanvulling fan de MER is dêrom oanjûn dat de programma's of útwurkings neier foarm oan yndikatoaren jaan moatte om de resultaten yn byld te bringen, lykas ek yn it MER beskreaun (par. 8.3): *Het is sterk aan te bevelen de doelen uit de Omgevingsvisie*

duidelijk te laten terugkeren in de Omgevingsprogramma's en op basis daarvan de voortgang consequent monitoren. Dat kin stal jûn wurde oan 'e hân fan de sinjearre risiko's yn it MER om sa negative effekten op foarhân safolle mooglik foar te kommen.

Stjoering

: De provinsjale Omjouwingsfisy bynt allinne de Provinsje. Mei it opstellen fan Omjouwingsprogramma's wurdt de fisy útwurke en juridyske trochwurking is mooglik troch it opnimmen fan regels yn de Omjouwingsferoarding. Stjoering wurdt dien troch it oanpassen fan de fisy en mei it fêststellen en útfiering fan de Omjouwingsferoarding en Omjouwingsprogramma's.

Ferfolchproseduere

: Mei it fêststellen fan de Omjouwingsfisy De Romte Diele wurdt it proses fan it opstellen fan de fisy ôfsletten. It útfieren fan de fisy kriget syn beslach troch de Omjouwingsferoarding en Omjouwingsprogramma's dy't in eigen proseduere hawwe.

Oare punten

: **NOVI en noardlike omjouwingsaginda**

It Ryk hat yn juny 2019 it ûntwerp fan de Nationale Omgevingsvisie (NOVI) publisearre.

De ûntwerp NOVI ûnderkent fjouwer grutte yntegrale opjeften:

1. Romte meitsje foar Klimaatadaptaasje en enerzjytransysje
2. Duorsum ekonomysk groeipotinsjeel
3. Sterke en sûne stêden en regio's
4. Takomstbestindige ûntwikkelingen yn it lanlik gebiet.
Dy opjeften slute op de opjeften yn de provinsjale Omjouwingsfisy oan. Foar de te meitsjen beliedskarren hantearret de NOVI trije ôfwagingsprinsipen:
 - Kombinaasjes fan funksjes geane foar inkelfâldige funksjes
 - Skaaimerken en identiteit fan in gebiet steane sintraal
 - Ôfskove wurdt foarkommen.

Dy prinsipen strike mei de prinsipen fan de provinsjale Omjouwingsfisy. 'Ôfskove wurdt foarkommen' wurdt yn de provinsjale Omjouwingsfisy opheind troch de prinsipen 'koppelen en verbinden als uitdaging' en 'gezond en veilig'. It Ryk wurket de NOVI yn programma's út en gebietsrjochte fia saneamde Omjouwingsaginda's. Yn SNN-ferbân wurdt ûnderwilen wurke oan in Omjouwingsaginda Noard-Nederlân.

Dy Omjouwingsaginda komt yn it plak fan de MIRTgebietsaginda. Wy leverje as provinsje op it stuit ynput foar dy Omjouwingsaginda, sadat dy goed op ús Omjouwingsfisy oanslút.

Moasjes en tasizzings

tasizzing 2.109

De begrippenlijst zal worden toegevoegd wanneer het stuk ter inzage wordt gelegd.

✓ ôfhannele by it op besjen lizzen fan it ûntwerp.

tasizzing 2.114

It kolleezje sil besjen hoe't de moasje oer de sustainable development goals (*Id 2087, oannaam by it fêststellen fan it bestjoersakkoart*) ferwurke wurde kin yn de omjouwingsfyzje.

✓ De Global Goals binne oan de doelen yn H6 tadield.

moasje 2.107

Verzoeken het college van Gedeputeerde Staten - De ontwikkeling op het gebied van thorium als Energievoorziening te volgen en de actuele stand van zaken mee te nemen in de overwegingen voor de uitvoering van de energietransitie en hierover jaarlijks aan PS schriftelijk terugkoppelen.

- ✓ Yn H6.3 fan de Omjouwingsfisy is oanjûn dat de ûntwikkelingen op it mêd fan thorium as enerzjyboarne folge wurde.

Moasje 2.108

Verzoeken het college van Gedeputeerde Staten: -
Een bosvisie op te stellen waarvan de uitgangspunten opgenomen worden in de Omgevingsvisie en andere relevante beleidsstukken.

- In de bosvisie op te nemen: een betere bescherming van bestaande bomen en bossen, het aanplanten van voldoende nieuwe bomen en bossen, en landschapsherstel (incl. houtwallen).
 - Deze bosvisie op te stellen in samenspraak met natuurorganisaties, landbouworganisaties, collectieven en gemeenten, en in afstemming met de bossenstrategie van de landelijke overheid.
- ✓ Yn H6.3 opjefte Enerzjytransysje is oanjûn dat der in strategy opsteld wurdt om CO2 yn beammen, bosk en natuer fêst te lizzen.

Moasje 2.106

Verzoeken het college van Gedeputeerde Staten

- bij de definitieve Omgevingsvisie een lijst mee te leveren van alle programma's die GS verwacht uit te gaan werken naar aanleiding van de Omgevingsvisie;
 - alle programma's die voortkomen uit de Omgevingsvisie na uitwerking ter beoordeling en vaststelling voor te leggen aan PS.
- ✓ De wet beneamt in tal ferplichte programma's: aksjeplan lûd, regionaal wetterprogramma en behearplan Natura2000.

Neist dy ferplichte programma's wurdt oan de neikommende programma's wurke:

- in programma enerzjytransysje(dêr't û.o. de resultaten fan de RES yn ferwurke binne);
- in programma klimaatadaptaasje en wetter (wurdt mei begûn);
- in programma bioferskaat en natuer (is al útein set);
- in programma mobiliteit (wurdt mei begûn);
- in feangreideprogramma 2020-2030 (is al útein set).

Dêrneist liket it winsklik om Omjouwingsprogramma's op te stellen foar de opjefte fitaal en leefber (dêr't ek it wenjen ûnderdiel fan is), en foar it Waadgebiet en it Iselmargebiet. Ûndersocht wurdt noch oft der in programma lânskip komt. Foar de beslútfoarming dêroer sil in startnotysje opsteld wurde dy't oan PS foar beslútfoarming foarlein wurdt. Dit oersjoch is net folslein en kin fierderop yn 'e tiid oanfolle wurde.

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius – Riemersma, MBA MCM, sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Omjouwingsfisy provinsje Fryslân 'de Romte diele'**
(01765685)

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 11 maaie 2020 ,
nr. 01756699 , oangeande **Omjouwingsfisy Provinsje Fryslân De Romte Diele.**

Mei it each op de ynfiering fan de nije Omgevingswet

Oerwagende dat :

- de ûntwerp Omjouwingsfisy dy't op 25 septimber 2019 troch Provinsjale Steaten fêststeld is, 6 wike op besjen lein hat;
- de ynspraakreaksjes gearfette binne en fan in reaksje foarsjoen binne;
- wizigings nei oanlieding fan dy reaksjes en aktuele ûntwikkelingen yn de oanpaste omjouwingsfisy ferwurke binne;
- de measte wizigings ferdúdlikings en oanfollingen binne en gjin beliedswizigings útgeande fan it ûntwerp;
- de provinsje wetlik ferplichte is om op it stuit fan it fan krêft wurden fan de Omgevingswet oer in fêststelde Omjouwingsfisy te beskikke.

Beslute :

- de oanpaste Omjouwingsfisy provinsje Fryslân De Romte Diele fêst te stellen;
- de plan-MER ynklusyf Aanvulling fêst te stellen.
- yn te stimmen mei de ôfspraak dat DS nij belied yn in Omjouwingsprogramma allinne fêststelle as Provinsjale Steaten dêr fan tefoaren mei ynstimd hawwe.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.G. Rosier, griffier